

Rispje en Siedzje

Wat bereikt is in de Lectoraten Frysk & Meartaligens en
Taalgebruik & Leren in de jaren 2010–2018.

En wat gaat volgen vanaf 2019 in het Lectoraat
Meertaligheid & Geletterdheid.

**Eindredactie Reitze Jonkman
en Alex Riemersma**

17. Taalplan Frysk: ambysjes wiermeitsje

Nynke Anna Varkevisser
Albert Walsweer
Tiemen Groen

Ynlieding

Mei *Taalplan Frysk* wurdt útfiering jûn oan it nije fêststellingsbelied fan de provinsje Fryslân. Dit nije belied is yn 2015 fêstlein (Provinsje Fryslân, 2015), as útwurking fan de wizigingen fan de *Wet op het Primair Onderwijs* (WPO) en *Wet op het Voortgezet Onderwijs* (WVO) yn 2014.

Taalplan Frysk is yn 2016 úteinset en rint yn alle gefallen troch oant 2030. Dy eindatum hat der mei te krijen dat it projekt in grut ûnderdiel is fan de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023 (BFTK; Ministerie van BZK & Provinsje Fryslân, 2018). De BFTK is de oerienkomst tusken it Ryk en de provinsje Fryslân dêr't de ôfspraken - de ambysjes - oangeande de Fryske taal en kultuer (û.o. foar ûnderwiis) foar fjouwer jier yn fêstlein binne. Yn de BFTK wurdt foar *Taalplan*

Frysk as foarriedige eindatum it jier 2030 neamd. Fan de skoallen wurdt dan nammentlik ferwachte dat se it (fak) Frysk wer folslein oanbiede en dêrmei op in saneamd profyl A útkomme.

Nei de earste trije jier is it goed om efkes werom te gean nei it begjin. Der wurdt nammentlik in soad sein en skreaun (ek yn de media) oer *Taalplan Frysk* en dêrút docht bliken dat der hjir en dêr wat betizing oer is. Teffens liket it as dat de diskusje oer it *Frysk yn it ûnderwiis* te faak fierd wurdt út ferskillende perspektiven, (ferkearde) foarûnderstellingen ensfh. wei¹. Yn dit artikel wolle wy dy betizing lyklûke troch yn it koart de folgjende ûnderwerpen te beskriuwen:

- Wat is de eftergrûn fan *Taalplan Frysk*?
- Wat is *Taalplan Frysk* (en wat dus net)?
- Wat is de relaasje tusken *Taalplan Frysk* en de BFTK?

¹ Utsûndering hjirop binne in fiiftal artikels fan Tom Dykstra, foarsitter fan de Feriening Frysk Underwiis, dy't resintlik (mrt. 2019) ferskynd binne op www.itnijs.frl ûnder de namme It is mei sizzen net te dwaan.

Wat is de eftergrûn fan *Taalplan Frysk*?

Yn it Fryske taalgebiet² binne skoallen yn it primêr ûnderwiis (pû) sûnt 1980 by wet ferplichte³ om Fryske les te jaan yn alle groepen. Foar it fuortset ûnderwiis (fû) jildt dizze ferplichting⁴ sûnt 1993, mar dan allinne yn de ûnderbou. Yn alle oare ûnderwiis(eftige) ynstellingen is der net in ferplichting om it (fak) Frysk oan te bieden. Konkreet hâldt dit yn dat alle foarskoalske ynstellingen⁵, spesjaal ûnderwiisskoallen⁶, mar ek de boppebou fan it fû gjin ferplichting ha om it Frysk oan te bieden; se meie dat dwaan mar hoege dat net perfoarst.

Yn 2014 binne de wetten foar basisûnderwiis en fuortset ûnderwiis wizige. Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân (DS) ha it foech krigen om njonken folsleine ûntheffing ek parsjele ûntheffingen te ferlienen oan skoallen dy't it Frysk net folslein oanbiede. Dat is it nije fêststellingsbelied fan de provinsje Fryslân. It nije belied (Provinsje Fryslân, 2015) docht mear rjocht oan skoallen dy't net in folsleine ûntheffing nedich ha, mar oan de oare kant op dit stuit ek net it hiele pakket biede (kinne). De oerdracht fan it foech oan DS hat de oanlieding west ta it opstarten fan it ûndersyksprojekt *Taalplan Frysk*. Om útfiering jaan te kinnen oan it nije fêststellingsbelied moasten DS nammentlik yn kaart ha wat de skoallen krekt dogge oangeande

it Frysk en foar hokker taaldomeinen al en gjin oandacht is. Dat de iene skoalle mear docht (bgl. trijetalige skoallen) en oare wat minder, dat wisten se wol, mar wêr't de ferskillen presys sieten, wie noch ûndúdlik. Dat makket *Taalplan Frysk* ta in unyk ûndersyk. Nea earder hat der in ûnderwiisûndersyk nei it Frysk west dêr't alle skoallen yn de provinsje yn behelle wiene. Earder gie it altyd om in stekproef op basis wêrfan't de útspraken dien waarden.

Wat is *Taalplan Frysk* (en wat dus net)?

It ûndersyksprojekt *Taalplan Frysk* bestiet oan no ta út trije fazen, dy't hjirûnder koart beskreaun wurde sille. Yn dit ferbân is it wichtich om stil te stean by de *kurrikulumteory* fan Van den Akker e.o. (2006) - skematysk werjûn yn figuer 1. Yn de kurrikulumteory wurdt ûnderskied makke tusken trije represintaasjes fan it kurrikulum. Sa is der in **kurrikulum lykas bedoeld**, oftewol it ideale kurrikulum. Dit kurrikulum wurdt formeel fêstlein yn dokuminten dêr't ek de ûnderlizzende fyzje yn eksplisitearre wurdt. Op provinsjaal nivo kin dêrby tocht wurde oan it nije fêststellingsbelied. It **kurrikulum lykas útfierd** is de fertaalslach fan it kurrikulum lykas bedoeld neffens de ûnderwiispraktyk. Op skoalnivo kin dêrby tocht wurde oan it aanbod en hoe't dosinten útfiering jouwe oan it kurrikulum. As lêste is der dan it **kurrikulum lykas berikt** wêrby't sjoen wurdt nei


² Fryske taalgebiet: alle gemeenten yn Fryslân mei útsûndering fan dielen fan de gemeenten Kollumerlân CA. en Eaststellingwerf en de folsleine gemeente Weststellingwerf en de Waadeilannen.

³ Wet op primair onderwijs, artikel 9, lid 4.

⁴ Wet op voortgezet onderwijs, artikel 11e, lid 1.

⁵ Wet kinderopvang, artikel 1.55, lid 1.

⁶ Wet op expertisecentra, artikel 13, lid 6.



Figuer 1: Kurrikulumteory fan Van den Akker e.o. (2006)

de opbringsten fan it kurrikulum. Op skoalnivo kin dêrby tocht wurde oan de resultaten fan learlingen op toetsen.

Faze 1: Taalplan Frysk op skoalnivo (feb. 2016 - mrt. 2018)

It yn kaart bringen fan wat yndividuele skoallen dogge mei it (fak) Frysk kin sjoen wurde as faze 1 fan it ûndersyksprojekt *Taalplan Frysk*. Om dit goed dúdlik te krijen, wie it nedich om in semy-strukturearre fragelist te ûntwikkeljen. De fragelist is, njonken algemiene fragen, benammen basearre op ûnderdielen út it *referinsjeramt Frysk (rrF; Meestringa & Oosterloo, 2015)* en op it *kurrikulêre spinneweb* fan Van den Akker e.o. (2006). De ûndersikers ha tegearre mei de direkteur en/of taalkoördinator fan de skoalle (en by fuortset ûnderwiis ek de dosint Frysk) de fragelist ynfolle. De fragen en antwurden

Profyl A	oanbod foar alle keardoelen.
Profyl B	gjin oanbod foar skriuwen.
Profyl C	gjin oanbod foar lêzen en skriuwen.
Profyl D	gjin oanbod foar praten en skriuwen.
Profyl E	allinne oanbod foar harkjen en attitude.
Profyl F	allinne oanbod foar attitude.
Profyl G	gjin oanbod foar it Frysk as fak.

Tabel 1: Profilen foar primêr ûnderwiis

Profyl A	oanbod foar alle kearndoelen.
Profyl B	gjinn oanbod foar: kearndoelen 4b, 5b en 6b (Frysk as memmetaal).
Profyl C1	oanbod foar kultuer (1–3) en praten (6a), dus gjinn oanbod foar: kearndoel 4b, 5b en 6b (Frysk as memmetaal), en kearndoel 4a en 5a (Frysk as twadde taal).
Profyl C2	allinne oanbod foar kultuer (1–3), dus gjinn oanbod foar: kearndoel 4b, 5b en 6b (Frysk as memmetaal), en kearndoel 4a, 5a en 6a (Frysk as twadde taal).
Profyl D	gjinn oanbod foar it Frysk as fak.



Tabel 2: Profilen foar fuortset ûnderwiis

foarmen mei-inoar in lyts rapport oer de skoalle dêr't yn beskreaun stiet wat de skoalle no krekt wol en net docht as it giet om it (fak) Frysk. Op basis fan dat lytse rapport (taalplan Frysk fan de skoalle) ha DS it profyl fêststeld. Foar it pû (sjoch tabel 1) is dat in profyl tusken G (gjinn oanbod foar it (fak) Frysk) en A (oanbod foar alle kearndoelen). Foar it fû (sjoch tabel 2) is it in profyl tusken D (gjinn oanbod) en A (oanbod foar alle kearndoelen). In profyl seit allinne wat oer in oanbod by it (fak) Frysk, it jout gjinn ynsjoch yn de opbringsten (learlingresultaten) oangeande it fak Frysk op skoalle. Dat lytse rapport jout foar elke skoalle ynsjoch yn it **kurrikulum lykas útfierd** (figuer 1) op skoalnivo.

In wichtich ûnderdiel yn dy lytse rapporten binne ek de ambysjes foar it Frysk en meartaligens dy't de skoalle formulearre hat. Dat jout rjochting oan de groei dy't guon skoallen noch meitsje moatte (en/of wolle) om úteinlik foldwaan te kinnen oan de ambysje fan it Ryk en de provinsje Fryslân lykas formulearre yn de BFTK: fan alle skoallen yn it Fryske taalgebiet wurdt ferwachte, dat se op profyl A útkomme yn 2030. Oan dy ambysje sit in dúdlik groeiemodel fêst, want skoallen ha oant 2030 de mooglikheid om te groeien yn de profilen – dus om alle jierren lytse stapkes te setten. Oan de oare kant is it net in útkristallisearre stappeplan om fan profyl G/D nei profyl A te kommen. It is dan ek oan de provinsje, de ûnderwiisstypjende ynstânsjes (Afûk, Cedin, NHL Stenden Hogeschool ensfh.) en de skoallen en skoalbestjoeren om yn de mande ta in plan te kommen dat oanslút by '*dizze skoalle yn dizze kontekst*' dêr't de skoalle fierder mei komme kin (sjoch ek faze 3).

Faze 2: Rapport Taalplan Frysk (jan. 2018 - sept. 2018)

Neidat alle skoallen in eigen rapport krigen ha en dy rapporten troch DS fêststeld binne mei in profyl, is de twadde faze fan it ûndersyksprojekt *Taalplan Frysk* yngongen. Alle sammele data binne byinoar nommen om sa yn in wiidweidich rapport ynsjoch te jaan yn wat der provinsjebreed dien wurdt oan it (fak) Frysk. *Yn It is mei sizzen net te dwaan* (Varkevisser & Walsweer, 2018) is beskreaun watfoar oanbod skoallen no krekt ha oangeande it Frysk, en wêr't noch mear oandacht nei útgean kinne moatte soe. Boppedat jout it ynsjoch yn de ambysjes fan de skoallen. De rapportaasje is dus rjochte op it **kurrikulum lykas útfierd** (fig. 1) op provinsjaal nivo. De resultaten oangeande de profilen

Figuer 2: Resultaten profilen primêr ûnderwiis**Figuer 3:** Resultaten profilen fuortset ûnderwiis

binne provinsjebreed en foar elk taalgebiet werjûn yn figuer 2 foar pû en figuer 3 foar fû. Ut de figueren wurdt dúdlik dat taalgebiet ien fan de ferklearjende fariabelen is foar it profyl dat nedich is. Oare fariabelen dy't de fariasje yn profilen ferklearje, binne: de taaleftergrûn fan de bern, de taaleftergrûn en it foech (en bekwamens) fan de dosinten en de fyzje fan de skoalle oangeande (it Frysk en) meartaligens.

It rapport is benammen bedoeld om ynsjoch te jaan yn de praktyk om sa belied foarmje te kinnen dat oanslút by de situaasje sa't dy't hjoed-de-dei te finen is op skoallen yn de provinsje Fryslân. It rapport jout gjin útkristallisearre stappeplan om alle skoallen fan profyl G/D nei profyl A te krijen, mar jout wol hânfetten om in **kurrikulum lykas bedoeld** (figuer 1) better foarm te jaan.

Faze 3: Taalplan Frysk - Ambysjes wiermeitsje (okt. 2018 - no)

De tredde faze fan it ûndersyksprojekt *Taalplan Frysk* is rjochte op it wiermeitsjen fan de ambysjes dy't skoallen beneamd ha yn relaasje ta de ambysje yn de BFTK. Ien fan de útwurkingen dêrfan is in besite oan alle skoalbestjoeren. Oan de iene kant wurde dizze besiten brûkt om in weromkeppeling te jaan fan wat it *team Taalplan Frysk* de ôfrûne jierren op de skoallen dien hat. Oan de oare kant wurde de besiten ek brûkt om in ynsjoch te krijen yn hoe't bestjoeren stjoere op it Frysk en hoe't sy omgeane mei de ambysjes dy't troch de skoallen formulearre binne. Dizze besiten jouwe dêrmei ynsjoch yn it **kurrikulum lykas útfierd** (fig. 1) op skoalbestjoersnivo. Teffens is it wichtich om te neamen dat wy hjir gearwurkje mei de Ynspeksje fan it Underwiis. De Ynspeksje is begjin 2019 starten mei in nij tema-ûndersyk nei it Frysk. Dêr wêr't it skoalbestjoer yn de stekproef foar it tema-ûndersyk fan de Ynspeksje falt, wurde de petearen safolle mooglik yn gearwurking dien mei it *team Taalplan Frysk*. De útkomsten fan it tema-ûndersyk wurde yn it neijier fan 2019 ferwachte.

In twadde útwurking is de ynteraksje mei gruttere en lytsere ûnderwiisstypjende ynstânsjes (bgl. SFBO, Afûk, Cedin, ensfh.) en relevante projekten (bgl. Kurrikulum.frl). Dy ynstânsjes en projekten ha nammentlik ynfloed op û.o. de middels dy't skoallen ta har foldwaan ha om it Frysk oan te bieden. Troch de ynteraksje besykje wy om ferbining te lizzen tusken de trije represintaasjes fan de kurrikulumteory (fig. 1). Dat betsjut dat we de fertaalslach meitsje fan it rapport *It is mei sizzen net te dwaan* en de

ambysjes út de BFTK nei in mienskiplike fyzje en wurkwize troch de relevante ynstânsjes en projekten. Tagelyk besykje wy om ferbining te lizzen tusken strategysk (boppe)skoalsk taalbelied en it besteande oanbod (lykas metoaden en projekten).

Wat is de relaasje tusken *Taalplan Frysk* en de BFTK?

Lykas earder skreaun is de BFTK de oerienkomst tusken it Ryk en de provinsje Fryslân dêr't de ôfspraken - de ambysjes - oangeande de Fryske taal en kultuer foar de kommende jierren (2019-2023) beskreaun stean. De BFTK kin dus beskôge wurde as in **kurrikulum lykas bedoeld** (fig. 1) op provinsjaal/ryksnivo. Ut it boppesteande is wol dúdlik wurden, dat it ûndersyksprojekt *Taalplan Frysk* in wichtige rol spilet de kommende jierren omdat it útfiering jout oan it belied fan de provinsje Fryslân (Provinsje Fryslân, 2015). Yn de BFTK stiet bygelyks:

"It doel is úteinlik dat nei 3 sykly (uterlik 2030) alle skoallen yn it Fryske taalgebiet alle keardoelen foar it fak Frysk helje en gjin (parsjele) ûntheffing mear krije." (s. 19)

It is dêrmei de bedoeling dat de fazen dy't hjirboppe beskreaun stean, yn de kommende jierren noch trije kear werhelle wurde om sa te fungearjen as groeimodel foar de skoallen en dêrmei it Frysk yn it ûnderwiis te fersterkjen. Dêrmei hopet de provinsje ek foldwaan te kinnen oan in oare ambysje dy't beskreaun stiet yn de BFTK, nammentlik dat:

"It tal memmetaalsprekkers dat de Fryske taal goed lêze en skriuwe kin en it tal minsken mei it Frysk as twadde en tredde taal dat it Frysk goed ferstean en prate kin, mei 10% tanimt." (s. 7)

Diskusje: Alle skoallen profyl A yn 2030?

De ambysje dy't yn de BFTK beskreaun stiet, is dat skoallen yn it Fryske taalgebiet gjin ûntheffing mear krije fan 2030 ôf. Dat betsjut, mei oare wurden, dat alle skoallen yn it Fryske taalgebiet yn 2030 op in profyl A útkomme moatte (sjoch tabel 1 en 2). It docht bliken dat der nochal wat betizing is oer wat in profyl A no eins ynhâldt. Yn diskusjes dy't wy fiere mei bygelyks learkrêften, direksjes, bestjoeren, ynstânsjes en aksjefierders, wurdt dúdlik dat benammen it ûnderskied tusken de represintaasjes it **kurrikulum lykas útfierd** (fig. 1) en it **kurrikulum lykas berikt** (fig. 1) trochinoar brûkt wurde. Mei oare wurden, der wurdt faak tocht dat alle skoallen yn Fryslân deselde opbringsten realisearje moatte, sûnder dat der rekken holden wurdt mei de grutte fariaasje tusken skoallen en taaleftergrûn fan de populaasje. Mar dat is fansels net sa, krekt likegoed as dat ek net jildt foar oare fakken lykas it Nederlânsk of rekkenjen.

Profyl A betsjut dat skoallen yn 2030 foldogge oan de ferplichting fan de wet. De skoallen realisearje dan in oanbod foar it (fak) Frysk, dat it mooglik makket dat alle bern yn in rike taallearûntjouwing harren taalfeardigens optimaal ûntwikkelje kinne. It kin dan net mear sa wêze dat skoallen de (gemiddelde) taaleftergrûn fan de learlingen 'misbrûke' om

gjinn, of in ûnfolslein oanbod te realisearjen. In skoalle dy't foldocht oan profyl A, is by steat om te differinsjearjen nei taaleftergrûn en taalint fan alle bern. Dat betsjut dus ek dat it **kurrikulum lykas berikt** (fig. 1) der op de ferskate skoallen ferskillend út sjen sil. Learopbringsten binne nammentlik net allinnich it resultaat fan in oanbod, mar ek fan de mooglikheden dy't in learling hat. Om dy reden stiet der yn de BFTK net allinnich dat skoallen in profyl A ha moatte yn 2030, mar ek dat 10% mear fan de fan hûs út Frysktalige bern *geletterd* fan skoalle ôfkomme (en dus net alle bern).

Nettsjinsteande dy nuansearring fan wat der krekt bedoeld wurdt mei profyl A, bliuwt de opdracht oan de skoallen en de begeliedende ynstânsjes ambisjeus. Wat yn alle jierren hjirfoar net slagge is, moat no yn in lytse tolve jier ree wêze!

Literatuer

Akker, J.J.H. van den, Gravenmeijer, K., McKenney, S. & Nieveen, N. (2006). *Educational design research*. London: Routledge.

Meestringa, T. & Oosterloo, A. (2015). *rrF: Referinsjeramt Frysk*. Leeuwarden/Ljouwert: Afûk.

Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties & Provinsje Fryslân (2018). *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023 (BFTK)*.

Provinsje Fryslân (2015). *Provinciaal blad, nr. 3671: Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs*.

Varkevisser N.A. & Walsweer, A.P. (2018). *It is mei sizzen net te dwaan*. Ljouwert: Provinsje Fryslân.